

FRYSKE AKADEMY

Gearkomst Genealogysk Wurkferbân 28 jannewaris 13.30 oere yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar.

1. **Berjocht fan behindering:** Jeroen Hofstra en Wytse Tjoelker
2. De foarsitter hjit elkenien **wolkom** en iepent de gearkomste.
3. Der binne gjin **ferslaggen** te besprekken.
4. Foarsitter jout it wurd oan de sprekker: **Piet Nieuwland**, dy op ferhaal sil oer de van Aisma's van Bitgum.

Dizze genealogy stiet ek op de webside fan de Erfgoedfundaasje.

Dizze van Aisma's binne net besibbe oan de van Aysma's.

I Claes Everts, trout Menaam 1701 Pytje Jochums (1677-1724). Harren bern binne Evert; Janke; Jan en Jeltje. Ein 1701 fan Menaam nei Dronryp; hja keapje dan in 'halve vragtsnik' fan Pyter Ytsens te Menaam (de oare helte is fan Douwe Louws). Yn de skipperij wie it gjin fetpot. Net folle letter (1706) is Claes herbergier 'op Hobbema buyren' mar begjin 1709 fallyt. 1 novimber 1709 lidmaat te Minnertsgea, dêr tink ek ferstoarn. Pytje is as widdo yn 1723 en lidmaat te Menaam. Hja wie in boeredochter út Dronryp.

II Evert Clases (1705-1767), trout yn Menaam 1732 Trijntje Harings (ca. 1699-1772), Doopt Menaam 15 maart 1705, skipper (1726), letter arbeider dêr, 1749 'gemeen', gjin kapitaal. Trijntje wie in widdo mei fjouwer bern, sy en Evert krigen noch trije. Har earste man Hessel Teunis wie boer te Menaam. De diakonij betellet har begraffenis. Harren bern wiene Claas; Pietje en Jeltje.

III Claas Everts (1733-1780), is gernier yn Menaam en trout 1764 Minke Johannes (1741-1813). Bern: Evert; Evert; Aafke; Trijntje; Antje; Jeltje. Trijntje Klazes van Aisma wie tsjinstfaam, net troude, liet fl. 470 nei oan broer en susters. Antje wie troude mei Salvus Berends Klaver, gernier te Berltsum. Jeltje wie troude mei Jacob Wybes Gosliga, gernier te Ingelum, lêst te Bitgum.

IV Evert Klazes van Aisma (1767-1851), trout 1795 mei Geertje Johannes (1771-1825). Hja krije in soan Johannes. It houlik mei de rike Geertje Johannes brocht maatskiplike opgong. Evert waard boer op Aysma state, Dyksterhuzen. Hy naam de namme Aisma oan, al gau waard dat Van Aisma. De famylje hat in soad te tankjen oan Geertje, sels de namme. Evert hie sûnder har nea as boer op Grut Aysma komme kinnen, hy folge syn skoanheit op. Ut syn twadde houlik mei Houkje Pieters Siderius waarden fjouwer dochters berne, fan wa't Klaaske as bern stoar.

- Minke tr. Dirk Klazes Lourens (1833-1905), boer te Huzum, letter stâlfeint te Ljouwert.

- Tjitske tr. Cornelis Jarigs Mollema (1834-1881), boer te Rie, yn 1874 winkelman te Bitgum.

- Trijntje, tr. Thomas Rinks Groenveld (1841-1909), pompmakker te Berltsum.

Houkje Siderius troude wer yn 1868 mei Hylke Simons Reisma, timmerman en architekt te Bitgum.

V Johannes Everts van Aisma (1804-1852), trout 1828 Yttje Hartmans (1809-1857). Bern: Evert; Gertje; Hartman; Gertje; Maaïke. Johannes stiet te boek as 'erfgezeten landbouwer' op Dyksterhuzen ûnder Bitgum. Hy wie ek earmfâd. Hy stoar mar in jier nei syn heit. Yttje Hartmans kaam fan Nes (Westd.) út in gegoede boerefamylje. Har heit wie frederjochter, fergelykber mei kantonrjochter. Fan harren fiif bern waarden mar twa folwoeksen: Hartman en Gertje.

Vla Hartman Johannes van Aisma (1831-1871), trout 1865 Antje van der Meer (1834-1866).

Hartman Johannes van Aisma (1831 – 1871 Bitgummole) is boer yn Sint Jabik fan 1865 ôf te St. Anne. Yn 1855 wie er al lid fan de gemeenterie, yn 1864 waard er boargemaster fan It Bilt, yn 1867 lid fan Prov. Steaten. Sa't wy sjogge is hy jong stoarn.

Syn earste frou wie Jannigje Klazes Wassenaar.

Syn 2^e houlik is mei Antje Douwes van der Meer (1834 Wyns – 1866 Sint Anne), fan deselde famylje as master Douwe Jans. Sy wie de mem fan Johannes Hartman van Aisma en stoar goed acht moanne nei syn berte.

Syn tredde frou Hermina Busscher wie in dochter fan de pleatslike dokter Remmo Busscher te Bitgummole. Ut dat houlik waard 1871 in soan Hartman berne, dy't as militêr yn 1894 stoar.

Vlb Gertje van Aisma (1847-1924), trout yn 1871 Pieter Fabrij de Jonge (1842-1896).

Pieter wie winkelman ('manufacturier') te Ljouwert. Hy wie berne te Goes en wie tink in tûk sakeman, mooglik wie hy fan hûs út al in fermogend man. Hy wie lid fan de gemeenterie en hie in protte njonkenfunksjes. Doe't Pieter stoar wie hy al wat jierren rintener.

Gertje brûkte meast gjin patroanym. Sy hat ferskate kearen har testamint opmeitsje litten, de earste trije tegearre mei har man. Gertje erfde yn 1896 syn hiele fermogen, mar hoe grut dat wie wit ik net. Yn har testamint fan 7 july 1896 is der al praat fan de ynstelling fan in 'Van Aysma Fonds'. Dat waard fierder útwurke yn in folgjend testamint, 15 july 1897. It fûns soe 5000 gûne oan kapitaal meikrije, mei it doel 'voorkomen, bestrijden en lenigen van armoede en werkloosheid onder ingezetenen van het dorp Beetgum met de daaronder behorende gehuchten'.

Gertje kocht yn 1899 in foarnaam hûs op Dyksterhuzen, Nieuw Groot Aisma. Dêr wenne sy yn 1900, doe't se wer in testamint makke. Bestriding fan wurkleazens as doel fan it fûns wurdt dêr net mear yn neamd. It is no it stypjen fan 'oudere en hulpbehoevende ingezetenen die niet meer zelf in hun onderhoud kunnen voorzien'. Jo moasten op syn minst 10 jier te Bitgum wenne ha om foar stipe yn 'e beneaming te kommen (earder wie dat twa jier). Lykas tefoaren waard it tafersicht op it fûns opdroegen oan B&W fan Menameradiel en moast de grêven te Bitgum goed ûnderhouden wurde. Har lêste testamint fan 1923 haw ik spitigernôch net ynsjen kinnen, dat is noch net iepenbier. Ik mei wol oannimme dat har neef en erfgenamt Johannes Hartman dêr in wichtige rol tabedield waard. Dúdlik is wol dat Gertje it inisjatyf jûn hat ta wat no de J.H. van Aismastichting is.

VII Johannes Hartman van Aisma (1866-1942)

Johannes Hartman wie al jong wees en kaam yn 1873 by muoïke Gertje en omke Pieter yn 'e hûs, dus te Ljouwert. Sa't wy seagen hienen dy sels gjin bern. Johannes Hartman hat it gymnasium en de hbs te Ljouwert besocht en studearre dêrnei rjochten te Leien. Tink hy hie net botte niget oan syn stúdzje, nei acht jier is er der mei opholden. Hy hat noch yn Beverwijk en Amsterdam wenne en luts 1906 yn by muoïke Gertje. Grif koe hy maklik libje fan de opbringsten van syn besittings. Sadwaande koe hy him gedrage as in lânealman. Hy hie tal fan njonkenfunksjes, û.o. beskermhear fan de keatsferiening. OKK. Der is in strjitte yn Bitgummole nei him neamd en yn Bitgummole stiet by de tsjerke in boarstbyld fan Johannes Hartman van Aisma. Hy liet syn fermogen nei oan de J.H. van Aisma-stichting, dy't tal fan aktiviteiten yn Bitgummole en omkriten stipet, lykas it prizejld foar de jierlikse Van Aisma-keatspartij. Yn in earder testamint fan 1908 neamde hy syn muoïke Gertje as erfgenamt, mar dy is earder as him stoarn. By testamint wurdt syn lânbesit en hûs ûnderbrocht yn de 'Johannes Hartman van Aismastichting. Yn it hûs moat de ynrjochting fan ien keamer yn takt hâlden wurde sa't Van Aisma dêr wenne hat, mei syn skriuwbuero, oare meubels, kasten mei boeken en diggelguod en portretten. Yn it oare part fan it hûs residearet de behearder.

5. **Nei it skoft** jout de foarsitter it wurd oan Jelle Terluin oer de wapenregistraasje yn it jierboek 2022.

Broersma is de wapentekener fan de Rie. Earst inkelde besteande wapens.

Gerrit Heinesz en Gertie Etes. Dizze wapens steane op in sark yn de Martinitsjerke fan Dokkum.

Ids Wybets Hayema. Dit wapen stiet op in sark yn 'e tsjerke fan Augbuur.

Dan in trijetal wapens fan gildepenjes:

Adam Nicolaas Lentz berne yn Ljouwert en yn 1730 dêr Luthersk doopt. Wenne letter yn Frjentsjer

Jacob Jacobs IJlst doopt 1675 op it Hearrenfean; wenne letter yn Snits. Wytse Sybes Wiarda, doopt

Easterein 1657, wenne ek yn Snits.

Nije wapens:

Hannema út Dedzjum; dit wapen is basearre op it doarpswapen fan Dedzjum.

Van Popta út Penjum/Kmswert. In wapen foar de neiteam fan Eibert Wypkes van Popta. Yn 2017 is it wapen van Popta út Nijlân al registrearre.

Harder. Dit wapen is basearre op in Grykske ikoan.

Rienks út Hantum earder Ferwerderadiel. Dit wapen is foar de neiteam Rienks fan de 3 bruorren Johannesm, Thys en Symon Rienks.

Terluin (de sprekker). Wapen, flagge en wimpel foar dizze famylje.

Van der Wal, in Grousater skippersfamylje; hja wenje no yn Súd-Hollân.

Westra út Noardeast-Fryslân

Doarpswapen fan Damwâld. Dit doarp is in gearfoeging fan 3 doarpen. Eleminten út de wapens fan dizze 3 doarpen komme werom yn it nije doarpswapen.

Ferwert. Yn 2018 is it doarpswapen en de flagge fan Ferwert al registrearre, no komt der in wimpel by.

Ek it wapen en de flagge fan Hegebeintum binne yn 2018 al fêstlein, ek dit doarp krijt no in wimpel derby.

Foar de útwikseling is der mar ien fraach en dy komt fan de foarsitter Gosse van der Plaats. It smyt neat op.

Omfreegjen: Bouwe van der Meulen freget oft it net better is om leden wat fertelle te litten oer wer't hja mei fêstrûn binne. It binne dan in soarte ferhaaltsjes fan 10 minuten oant in kertier. Dit wurket mooglik better as de fragen.

Fierder is der neat foar it omfreegjen. Op 18 febrewaris is der ek yn Tresoar in gearkomste fan de NGV oer Etta Palm. De foarsitter slút de gearkomste.

Rinse Spits (notulist)